

donderdag, 09 februari 2023 08:40

Anne-Wil naar Indonesië



Onze dorpsgenote Anne-Wil Bakker liep kort geleden vijf maanden stage voor haar studie in een groot hotel in Indonesië. En dat was natuurlijk bijzonder genoeg om haar te vragen voor een verslag van haar avontuur op onze site. Want niet iedereen maakt zo iets mee toch?

Wenje yn in wrâld dêr't alles oars is

TROCH: ANNE-WIL BAKKER

Ik rin foar in perioade fan fiif moannen stage yn Yndonezië. Ik doch dizze stage by in grut hotel midden yn de stêd Yogyakarta, dêr't ik ek wenje. Yn de kommende Harpes sil ik jim eltse kear meinimme yn myn belibbenissen!



It begjint ynmiddels wat te wennen, it gefoel dat alles hjir oars is. "Erger u niet, verwonder u slechts" begjint hieltyd mear in mantra te wurden as ik yn de supermerke bin of op staaasje. Ek yn it ferkear is dit mantra soms noadich. Yn ien wurd is dit nammentlik te omskriuwen as gaos. Foaral as je it Nederlânske ferkear wend binne is it echt omskeakeljens. Troch alle regels yn Nederlân hawwe je nammentlik in protte ferwachtingen, mar dy moatte je yn Yndonesië just net hawwe. It bêste is om allinnich op dysels te letten, want dat docht eltsenien en sa wurket it systeem. Mar dat betsjut net dat it allegear flekkeloas giet, faak stiet it ferkear nammentlik harstikke fêst. Foaral as it reint en in protte minsken mei de auto geane yn plak fan de scooter, wol it wolris drok wêze op 'e dyk. In ritsje fan 15 minuten kin dan samar ynienen in healoere duorje. Ek liket it yn it ferkear krekt asof eltsenien yniens haast hat, wylst dat fierder noait te merken is yn Yndonesië. Eltsenien wol sa gau mooglik fan a nei b en drukt dan sa syn auto of scooter tusken in lyts gatsje. Sels tocht ik dat ik my yntusken aardich rêde kin yn it Yndonesyske ferkear, mar doe't ik lêsten mei wat jonges fan

myn hotel nei de lo-kaasje fan in training ta ried, kaam ik dêr dochs wol op werom. Sels yn de streamende rein, manouvreerden sy sa maklik mei harren scooter tusken it ferkear troch, dat it mar koart duorre oant ik ik wer in ein achterop rekke. Lokkigernôch koenen sy en ik der achterôf (as fersopen katten) foaral om laitsje.

Dizze trainingsdagen fan it hotel wienen bedoeld foar talentearde wurknimmers, as training foar in eventuele managementposysje letter yn harren karriêre. Ek hjir haw ik my meardere kearen ferwûndere oer de gong fan saken, mei as toppunt tink ik it sliepen yn in twapersoansbêd mei fiif persoanen. De dames by my yn bêd wienen noch wol sa leaf om in stoel by myn fuotten del te setten, om't dy in aardich eintsje bûten it bêd útkamen. Ek dit wie in typysk gefal fan 'sa lang as je der achterôf mar om laitsje kinne'. Wat my fierder foaral wer opfallen is, is it nivo dat in stik leger leit as yn Nederlân. De trainingsdagen dienen my somtiden nammentlik mear tinken oan it kamp dat ik yn de twadde klasse fan de middelbere skoalle hie, as oan in trainingsdei sa as ik dat kin fan wurk. De spultsjes en aktiviteiten dy't we dienen wienen



allegear hiel simpel en de ynformaasje dy't se krigen wie echt basis. Dochs koe ik oan myn kollega's sjen dat se hjir in protte oan hienen en dat de measte fan dizze ynformaasje nij foar se wie, en dat makket de dagen fansels mear as slagge.

Sûnt ik hjir bin, realisearje ik my hieltyd mear hoe tankber en bliid wy wêze meie dat wy allegear yn Nederlân berne binne. In lân mei supergoed ûnderwiis en in protte kânsen foar eltsenien. Ast hjir troch de doarpkes op it plattelân rydst en sjochst hoe min de kwaliteit fan it ûnderwiis is, sjochst drest dat de kâns dat in bern út dat doarpke in bettere baan as syn âlden krijt, nihyl is. Ek krijt hjir in goed byld fan it tradysjonele gesinslibben, dat yn Yndonesië noch altyd de norm is. Fan de âldste soan fan in famylje wurdt ferwachte dat hy thús wenjen bliuwt en dat syn frou by syn famylje yn 'e hús komt. Dizze frou moat ferfolgens meastentiids ophâlde mei wurkjen om de húshâlding by har skoanfamylje(!) draaiende te hâlden. Yn Nederlân kinst it dy net mear foarstelle, wylst it hjir de normaalste saak fan de wrâld is. Allinnich yn rikere

kringen (dêr't de frou faak ek studeart

hat en in bettere baan hat) is dit minder gebrûklik. Dizze tradysjonele rolferdieling en hiërargy sjochst net allinnich yn it gesinslibben, mar ek yn it wurk werom. Sa is it by ferskate ôfdielingen yn it hotel gebrûklik om moarns as je binnenkomme je manager te begroetsjen mei in hândruk en dit te werheljen as je nei hús gean. Ek kinne je net samar sels betinke hoe't je je wurk ynfolje, foar alles krije je ynstruksjes fan je manager en moatte je ek tastimming freegje. Sa hie ik tastimming om in evaluaasje te dwaan fan it trainingsprogram en hie ik dêr in evaluaasje-formulier foar makke. Doe't ik dit rûnstjoere soe, blik dat ik hjir earst ek tastemming foar hawwe moast fan sawol myn eigen manager as de general manager fan it hotel. Bytsje oerdrean fûn ik sels, mar ik begjin ynmiddels wat wend te reitsjen oan dit soort regels. Ynmiddels bekrûpt my sels sa no en dan it gefoel dat sommige dingen écht oeral itselde geane. Mar dêroer de folgjende kear miskien mear!



Wenne oan in wrâld dêr't alles oars yn is

TROCH: ANNE-WIL BAKKER

Ik rin foar in perioade fan fiif moannen staaize yn Yndonezië. Ik doch dizze staaize by in grut hotel middenyn de stêd Yogyakarta, dêr't ik ek wenje. Ik wenje sels yn it noarden fan de stêd, mei trije oare Nederlânske famkes dy't allegear ek in staaize of frijwilligerswurk hjir dogge. Yn de kommende Harpes sil ik jim eltse kear meinimme by alles wat ik meinimtsje!



"Alles, mar dan ek echt alles is hjir oars," sei ik faak de earste dagen wannear't ik belle mei famylje of freonen. De minsken, de lúden, it iten, de strjitten, it ferkear, de hûzen, de geuren en gean sa mar fierder. Net te ferjitten fansels de temperatuer. Oerdei is it hjir altyd boppe de tritich graden wêrby't de gevoelstemperatuer altyd heger leit fanwege de hege luchtfochtigens. Benammen as de sinne skynt is it echt switte, mar gelokkich hawwe de measte gebouwen wol airco dêr't de Yndoneziërs tankber gebrûk fan meitsje (al fyn ik sechstjin graden sels in bytsje oerdreaun). Dochs stiet it swit my geregeld op de holle, al is dat faak omdat ik my wat te drok meitsje. Dat is fuort eat wat de measte Yndoneziërs mar net begripe kinne. *Jam karet* oftewol 'rubberen tiid' is in begryp dat hjir faak brûkt wurdt om oan te jaan hoe't men hjir omgiet mei de tiid. Alles beweecht op in rêstiger tempo en wachtsjen is in ûnderdiel hjirfan. Yn de supermerk steane je sa tweintich minuten yn de rige en net ien makket har der drok om. Behalve ik. Sa as de measten fan jim wierskynlik wol

ynskatte kinne, stean ik mysels yn dy rige dan op te fretten en sjoch ik elke trage beweging mei arguseagen foarby gean. De measte Yndoneziërs laitsje dan ek as ik sis dat ik rap noch efkes wat dwaan woe en freegje my wêrom. Dy *jam karet* is ek goed werom te sjen yn de taal fan Yndonezië. It wurdt *kamarin* dat wy fertale as 'juster' kin hjir like goed ferline wike, of ferline moanne of sels ferline jier betsjutte. Itselde jildt foar it wurdt *besok* ('moarn') dat eins gewoan betsjut dat eat yn de takomst plakhawwe sil. Ast dus spesifyk witte wolst wannear't eat bard hat of barre sil, moast nei de spesifike datum freegje. Al sille de measten dy dan fol fernuvering oansjen en harren ôffreegje wêrom oftsto dy dêr drok om makkest. Dy hâlding tsjinoer tiid hâldt ek yn dat de measte minsken hjir in stik fleksibeler binne, ôfspraken wurde maklik ferpleatst en minsken komme sa in oere te let. Dat kin ferfelend wêze, mar jout soms ek in protte romte om mar gewoan te sjen wat de dei je bringt. Sels stoei ik noch faak mei dizze hâlding en bin ik bliid dat yn it hotel dêr't ik wurkje de 'jam karet' wat minder prominint is.

Wat my ek bot opfallen is, is dat it op in protte plakken liket oft de tiid fyftich jier stilstien hat, te begjinnen mei it hotel dêr't ik wurkje. In diel sjocht der hiel moai en modern út, mar de kantoaren en de manier wêrop't se wurkje bringt my echt werom yn de tiid. Donkerhouten meubels, feale brune en giele kleuren, einleaze steapels papieren en dokuminten dy't stik foar stik ûndertekene binne mei in hântekening en stimpel en oeral in fêste tillefoan. Wol stiet op hast elk buro in kompjûter (dy't in bulte lûd makket), dat it is foar Yndonezyske begripen lúkse en modern hjir. Neist in protte âlderwetske dingen binne in protte oare dingen hjir just hiel goed regele. Sa hat eltse *local* in *smartphone* en besteane der talleaze apps dêr'tst alles foar dyn deistige libben mei regelje kinst. In (scooter)taxi bestelle, Thuisbezorgd, boadskippen, klean, húshâldlik guod, neam it mar op, allegear by dy thús besoege, faak binnen in pear minuten. As Yndoneziër kinst dat dan ek gewoan *online* betelje mei dyn bank, as bûtenlanner rekkenst faak kon-

tant ôf by de dejinge dy't it besoeget.

Wat ik mei dit earste artikel oan jim fertelle wol is foaral, it is hiel bot wenne yn dizze oare wrâld. Ik bin hiel bliid dat ik hjir bin en tankber dat ik de kâns haw om hjir te wenjen, minsken kennen te learen en my oan te pasen oan dizze nije kultuer. De omjouwing is hjir prachtich, oeral is grien en nei in healoeke scooterriden bin ik de stêd út en stean ik midden yn de rysfjilden. De earste dagen koe ik it hast net leauwe dat guon lânskippen 'echt' wienen, ik koe se ommers allinnich mar fan foto's. Mar de nije yndrukken soargje der ek foar dat ik faak wurch bin en myn stimming wikselt gau op in dei. It oanpassen is soms lestich en frustrearjend, mar ek nijsgjirrich en moai. Eltse dei bringt wat nijs!





En gelukkig kreeg ze ook een keer bezoek van thuis!